Mefr. D.M. Krol
direkteur Máximaskoalle PCBO
Wite Mar 1
Suderbuorren
8939 CC LJOUWERT

Gau, 24 july 2005

Underwerp: *Frysk op de Máximaskoalle*

Achte mefrou Krol,

Koartlyn lies ik it temablêd *Skoalle* (nû. 11, maaie 2005). Dêryn stie in artikel oer jo skoalle (s. 17). Graach wol ik dêrop reagearje, omdat it oer it Frysk giet, der yn jimme skoalle noch gjin healoere Frysk jûn wurdt en it grutste part fan de bern bûten de provinsje wei komt: ‘Het maximum aan Fries is hier kijken naar Friese tv.’ Fierders: ‘Het leren schrijven en spreken is voor ons niet te bereiken.’ Wat jimme neffens eigen sizzen dogge: ‘[...] is lang niet voldoende om de kinderen het Fries te leren verstaan. [...] zaken als Fries schieten er wel eens bij in.’ Bern út mar fiif húshâldings soene it Frysk thús brûke.

Tagelyk is der sûnt 1985 in wetlike ferplichting om goed Frysk ûnderwiis te jaan, binne dêr wetlike *kearndoelen* foar formulearre en is der in *Europeesk Hânfest foar minderheidstalen* dy’t jimme de ferplichting opleit om behalve it fak Frysk in ‘aanmerkelijke deel’ fan de ûnderwiistiid it Frysk as fier-en ynstruksjetaal te brûken.

Yn itselde blêd (s. 25) jout deputearre Mulder oan dat yn in twatalige mienskip in twatalige skoalle heart en: ‘[...] dat it Frysk op skoalle folle mear wêze moat as ien lesoerke wyks. As wy dizze taal yn in oerke opslute, betsjut dat de deastek foar it Frysk. Basisskoallen binne noch tefolle Nederlânsktalige enklaves yn in meartalige provinsje. Dat moat oars, want it Frysk hat foar elkenien nut en moat dus ek op skoalle fanselssprekkend wêze.’

Twatalige skoallen, rûnom op de wrâld, toane oan dat ek mei in lyts persintaazje sprekkers fan de minderheidstaal de bern dochs goed praten, lêzen en skriuwen leare kinne yn de minderheidstaal. Sa stie der koartlyn in ynformatyf artikel fan Douwe Kootstra yn it tydskrift *De Pompeblêden*, juny 2005, nû 2, s.22-24) oer de treflike prestaasjes dy’t de *Welsh medium schools* (it Welsk wurdt dan brûkt by *alle* fakken) leverje: ‘De bern - ek dy út Ingelsktalige húshâldings - wurde dus daliks by ynkomst ûnderdompele yn it Welsk. Earst as de bern seis jier binne, komt it Ingelsk as fak derby, trije oeren yn ’e wike’ (s. 22).

Sels yn taalgebieten mei in grutte ôfstân tusken twa talen (in Keltyske en in Germaanske taal) is goed twatalich ûnderwiis dus in suksesformule. Om dy reden nimt it tal Welskpraters ta. En it Ingelsk hat der gjin skea fan.

Datselde kin sein wurde fan de saneamde *trijetalige skoallen* yn Fryslân. Dêr wurdt it Nederlânsk der ek net minder fan, wylst it behearsking fan it Frysk mei sprongen omheech giet. Jitris, as men wol, dan kin it, ek op jimme skoalle. Dat freget wol om in oare wize fan tinken en hanneljen. De Frysktaligen op jimme skoalle hawwe der rjocht op en de net-Frysktaligen hawwe de plicht om har de meast autochtoane taal fan dizze provinsje eigen te meitsjen. Foar har is twataligens likegoed in foardiel. Wittenskiplik is dat mei it learen fan mear talen oantoand en kultureel-maatskiplik is it in needsaak. It jaan fan goed twatalich ûnderwiis kin dus net langer in frije kar fan âlden of ûnderwizend personiel wêze.

Yn de nije wyk ‘Zuiderburen’ sil de bern ek leard wurde moatte dat de wrâld grut is en dat se gelok hawwe om’t se wenje yn in krite dêr’t noch iten, romte, rêst en kultuer is.

Jimme binne grutsk op jim skoalle en syn namme. Jimme hawwe in unike kâns om krekt op jim skoalle oan twa- of meartaligens te dwaan. Jim soene mei âlders dy saak besprekke kinne. Har ynformearje en

entûsjast meitsje moatte. Fansels moatte de learkrêften fan jo skoalle ree wêze om it Frysk goed te learen. Alle learkrêften yn Fryslân soene it foech Frysk hawwe moatte.

Mefrou Krol, wat soe it foar jo skoalle in útdaging wêze, dat krekt op jo skoalle dy útdaging oppakt wurdt! Prinsesse Máxima bringt har bern ommers ek bewust twatalich grut. As jo fan miening binne dat it eins oars moatte soe, dan wol ik it ek net allinnich by dizze brief litte. Ik soe mei jo en jo tiim neitinke wolle oer hoe't de saak oanpakt wurde kinne soe. Graach soe ik dêr in petear mei jo en jo tiim oer hawwe wolle. Dat kostet neat. Ik doch dat om't ik tink dat de saak it wurdich is. Ik haw sels 25 jier lesjûn en sit hjoed de dei yn it deistich bestjoer fan de gemeente Wymbritseradiel. Teffens bin ik bestjoerslid fan de FFU (Feriening Frysk Underwiis).

Mei ik wat fan jo hearre?

Mei freonlike groetnisse,

G. Gerbrandy
Boeijengastrj. 32
8627 SG GAU
Till.: 0515 521761
Mail: gerbengerbrandy@hotmail.com